

Sjueryferslach Rely Jorritsmaprizen 2018

It is elke kear wer in ferrassing as it pakket mei Rely-ynstjoerings yn de brievebus sit. Hoe folle soene it der wêze? Wêr soene se oer gean? En wat soene de kânsdawwers wêze? It wie in moai tal ynstjoerings dit jier: 63 yn totaal, wêrfan 36 gedichten en 27 ferhalen. It ferskaat wie grut op alle mêden: lingte, lêsbereens en keazen tema's. Dat gie fan aktueel oant nostalgysk, fan opbloeiende leafdes oant frijemde famyljeleden, fan fertriet en ferlies oant feesten en filosofy. En de see, dy wie ek in tankber ûnderwerp dit jier.

Foar de sjuery binne lykwols net de keazen tema's fan belang by it beoardielen fan de ynstjoerings, mar fansels wat dêrmei dien is. Wat we sykje is in technysk goed ferhaal of gedicht, dêr't de opbou fan kloppet, en dat in lekker ritme hat, sawol kwa taalgebrûk as kwa struktuer. It moat de lêzer oantrúnje ta lêzen en op 'e nij lêzen, en oansette ta neitinken en oars besjen. Dat slagget mei moaie bylden, knappe, net klisjeemijittige fergelikings, en skerpe karakterisearrings, mar ek troch in orizjineel gegeven te brûken of krekt in orizjinele benadering fan in tradisjoneel tema. En fansels moat in ferhaal of gedicht de lêzer reitsje, mei emoasjes lykas humor, frustraasje of fertriet, en mei sympatike en/of werkenbere personaazjes. Dat alles soarget derfoar dat in wurk leauweardich is, en dat it de lêzer oertsjûgje kin – sa as it gefal wie by de fiif priiswinners dit jier.

Neist de priiswinners wie der noch in tsiental ferhalen en gedichten, dêr't we as sjuery lang oer praat ha. It wiene ynstjoerings dy't allegearre wol wat hiene, mar dy't dochs wat essinsjeels misten. Fan guon ferhalen wie de ûnderwerpkar tige orizjineel, mar mei't de opbou fan de ferhaalline net doogde koene se de sjuery dochs net oertsjûgje of meislepe. Oan de oare kant wiene der in pear ferhalen dêr't de opbou wol fan kloppe, mar wêr't de ynhâld te min djipgong hie om leauweardich te wêzen. Datselde jildt foar de gedichten: der wiene in stik as wat dy't technysk prima yn oarder wiene, mar dêr't de bedoeling te diznich fan wie, dêr't sizzenkrêft yn ûntbruts, of dy't krekt te folle seinen en te min rûmte lieten foar ynterpretaasje en eigen ferbylding fan de lêzer. Mei't der by de Rely gjin oanfiterprizen mear útrikt wurde, moatte de priiswinnende ynstjoerings oer alle boegen oan de sjuery-easken foldwaan; in wurk dat 'yn de buert komt' krijt dus gjin priis.

It is dêrom dat mei sa'n grut tal ynstjoerings it tal prizen net sa grut is. It grutste part fan de ynstjoerings foldie neffens de sjuery net oan it nivo dat jo ferwachtsje meie by in literêre priis. Der wiene ynstjoerings mei in soad flaters, ynhâldlik likegoed as taalkundich, dy't dêrtroch dreech nei te kommen wiene. Wy ha ús mear as in pear kear ôffrege of in wurk wol neisjoen of neilêzen wie, troch de skriuwer sels of troch in oarenien. Fansels witte wy net hoe't elk fan de ynstjoerings ta stân kaam is, mar yn it algemien wol de sjuery dochs beklamje hoe wichtich it is om jo wurk troch oaren lêze te litten, en om sels wurk fan oaren te lêzen. Wês net te gau tefreden mei it resultaat en skerpje it ferhaal of gedicht oan mei de krityske ynbring fan meilêzers, of oan de hân fan ynspirearjende foarbylden. Sa komme jo ta in better – en mooglik priisweardich – einprodukt. Achter elke grutte skriuwer stiet ommers in goeie redakteur, of yn alle gefallen in krityske meilêzer, en in goed folde boekekast.

De bêste ynstjoerings fan dit jier binne de folgjende twa gedichten en trije ferhalen.

Gedichten

Sa as di wynd fan dae vlkenum waait fan Edwin de Groot: In gedicht oer feroarjende taal, ferdwinende wurden, en it foarmjen fan klank en betsjutting: in tonge krôlet om in wurd, in

simmerwjirm kronkelet op in goed trochbakt fytspaad, in moaie útering dwarrelet ûnferwachte as in foto út in boek. De dichter brûkt heldere bylden en lûden, dy't mei soarch keazen binne foar it moaiste resultaat – sawol kwa ynhâld as kwa foarm. Dy binne perfekt mei inoar yn lykwicht; de strofen sels kronkelje ek oer de side en einige kompakt oprôle, krekt sa't it lêste fers beskriuwt. In knap gedicht dat wat te rieden oerlit, en mei elke kear lêzen moaier wurdt.

Kintsugi foar in diggelbast fan Paul van Dijk: In brutsen hert en de Japanske keunst om mei goudlym wat dat stikken is wer better te meitsjen – op it earste each twa klisjees dy't yn keunst en literatuer gauris útmolken wurde. Dochs wit de dichter fan Kintsugi foar in diggelbast te oertsjûgjen troch it ritme yn en tusken de rigels, en troch de orizjinele observaasjes yn it gedicht: 'in man, de eagen frij fan twirren | en ivige simmers yn it hier'. It hertsear fan de ik-persoan wurdt sterk febylde, lykas syn besykjen de diggels fan syn hert sels werom te triuwen; de 'stikjes mei ûnbesliepte nachten, in fragmint | mei stiennen blommen en in splinterke ôfskied'. In licht en oprjocht gedicht, yn gewoane, ienfâldige taal, mar mei in wrâld oan betsjutting der achter.

Ferhalen

De ereksje fan in oar fan Koos Tiemersma: Libbensecht en o sa werkenber sketst de skriuwer de setting fan dit ferhaal, in as American Ribhouse oanklaaide fretskuorre. De ferteller en syn frou krigen in itentsje yn dit restaurant kado foar harren troudei, mar fiele harren der eins fierstente goed foar. De ordinêre entûraazje dêr't se yn telâne komme wurdt mei faasje en humor beskreaun, like fet oanset as it iten dat serveard wurdt. Nei't de man in opmerking fan syn achterbuorman opfong hat dat dy 'in stive as de Aldehou hat', wurdt er hielendal yn beslach naam troch dat gegeven, en troch wat dat by himsels losmakket. It is knap hoe't de skriuwer psychologyske djipgong wit oan te bringen ûnder alle banaliteit yn dit ferhaal, en hoe't sinisme omslacht yn selsynsjoch by de haadpersoan. De ereksje fan in oar is skreaun yn tagonklik en soepel Frysk, mei rûch praat en orizjinele byldspraak, somtiden tsjin it absurde oan – krekt as de ein, as de situaasje folslein ûntspoart. Hoewol't dat net hielendal as in ferrassing komt, docht it neat ôf oan de enerzjy en it entûsjasme dêr't dit ferhaal mei ferteld wurdt.

It weagjen fan de see fan Lomme Schokker: In aktueel ferhaal mei in suver wat mearke-eftige útstrieling, ien fan de pear ynstjoerde ferhalen dy't harren bûten Fryslân ôfspylje, en dat ek bûten de bewende paden stapt as it om ûnderwerp en taalgebrûk giet. *It weagjen fan de see* is in mooglike wierheid achter de bekende foto fan it ferdronken flechtlingjonkje – dat lykwols net sa letterlik beneamd hoechde te wurden oan de ein fan it ferhaal. It boadskip fan it ferhaal op himsels is nammentlik krêftich genôch. It wurdt ferteld fanút de eagen fan in jonkje dat net alles begrypt mar krekt genôch troch hat. Hy moat mem en syn hûs achterlitte, om mei heit, omkes en syn knuffel Dhinne op syk te gean nei in better plak. De reis fan de mannen wurdt hiel moai beskreaun, yn in poetyse, hast ympressionistyske styl. De skriuwer wit de tinzen en observaasjes fan it jonkje knap wer te jaan yn kompakte, orizjinele formulearrings, en wikselet sa no en dan nei it perspektyf fan de heit, dy't mei wat mear ôfstân beskreaun wurdt. It fertelde krijt dêrtroch gjin ûnnedige swierte of sentimentaliteit, mar komt des te hurder binnen as je lêze wat der tusken de rigels stiet.

In bysûndere moeting fan Sipke de Schiffart: In deanormale hanneling as boadskippen dwaan wurdt in absurdistyske eksersysje yn dit flotte, humoristyske ferhaal. Joop Greven wurdt yn de supermerk oansprutsen troch 'in man en frou, tritigers, wat slonzige types', dy't him op in

ûnbeskamsume manier allegear yntime, ynkringende fragen stelle. Se meitsje der suver in wedstrydsje fan wa't it bêste ynskatte kin oft Joop man of frou is, homo of hetero, maagd of dochts net. Joop fielt him ûngemaklik, mar lit it oer him hinne komme, wylst Johnny en Monique harren skynber fan gjin kwea of skamte bewust binne. Troch de realistyske dialogen en de knappe wikseling fan perspektiven wurde je as lêzer sawol yn Joop syn skuon set, as yn dy fan it ûnderfreegjende twatal. Dat hat in ferfrjemdzjend effekt, krekt as it ferrassende slot fan it ferhaal, dat hilyrisk en tragysk tagelyk is; je moatte der om gnyskje, mar it fielt as mei dat eins net. Moai as literatuer soks losmeitsje kin.